

Oantinkens oan Tony Feitsma

Tony en ik hienen inoar al moete op de Krystkongressen yn Frjentsjer en hja seach blykber wat yn my, want de jûns fan myn doktrale eksamen oan de Vrije Universiteit te Amsterdam, yn 1967, belle se my om my te lokwinskjen en fuort ek te freegjen om redakteur te wurden fan De Stiennen Man, it blêd fan it Frysk Nationaal Boun en de Ried fan de Fryske biweging. Ik skreau al geregeld wat yn it studintebld Fryslân Oerein.

Doe begûn in nijsgjirrige tiid, mei regelde redaksjegearkomsten yn De Pauw, nêst it Oranjehotel, yn Ljouwert, mei Tony dus, en Sybe Sybesma en Jan de Vries. Der is hiel wat ôfpraat en gekjage; it foel it net altyd ta om benammen Sybe by it blêd ynsté fan by de poesij te hâlden en úteinlik dochs wer in nûmer klear te krijen. Mar ik learde der in soad

Ik rekke doe ek stadichoan mear belutsen by it wurk fan de Ried en waard oan it begjin fan de santiger jierren foarsitter (oant 1977 ta). Tony wie fansels ynformeel adviseur, krekt as Rindert Straatsma, myn foargonger as foarsitter fan de Ried. My heuge noch it petear mei minister fan ûnderwiis Cees Van Veen (CHU), dat wy fansels deeglik tared moasten, en ek de moeting mei minister Marga Klompé fan û.o. kultuer, by de behanneling fan it Rapport van de Commissie Friese taalpolitiek (de kommisje Van Ommen) yn de Twadde Keamer, yn de jierren 1969/70. Marga Klompé wie tige freonlik en belangstellend en hie it hyltyd oer 'uw Ried', útsprutsen as 'uw ryt'. Spannende tiden foar my!

Yn 1972/73 hie ik gelegenheid om Tony en Henk Meijering mei te meitsjen as krekt beneamde dosinten oan de Vrije Universiteit, as opfolgers fan prof. Klaas Fokkema. Ik kaam doe elke wike út Ljouwert nei Amsterdam foar de post-doctorale cursus bibliteekwittenskip oan de 'Stedsuniversiteit' en koe dan de middeis noch kolleezjes folgje oan de VU. Sa makke ik mei dat Tony dêr foar in bûnt ferskaat oan studinten moaie projekten organisearre, dêr't ek gauris mooglikheden yn sieten foar studinten om sels mei in dielprojekt oan de gong te gean, lykas bygelyks de almanakken mei krityske kolder. De Meidielingen fan de Stúdzjerjochting Frysk dogge der ferslach fan! It wie in grutte nocht om dy kolleezjes te folgjen.

Yn 1973 krige ik in baan by de Grinzer UB, dat it wurk foar de Ried moast fanút Grins barre en ynformele kontakten waarden minder. Tony en ik stiene inoar ek net sa nei dat wy by inoar oer de flier kamen; ik leau dat ik alles mei inoar ien kear by har thús west ha yn Grou.

De folgjende setting foar ús kontakt wie it bestjoer fan de Koperative Utjouwerij yn de jierren 1990-1992, in hiel skoft letter. Nêst Tony en ik makken Koby van der Zwaag en Steven de Jong der diel fan út. Steven, de ienige skriuwer yn it bestjoer, kaam net sa faak nei De Swech, dêr't wy gauris fergaderen, dat wy hiene net safolle kontakt mei de 'skriuwende leden'. It slimste wie dat se ek net nei de KU-gearkomsten kamen; dat makke my wol benaud. Hawar, it sykjen nei in útwei foar de KU einige mei in eksploasje werby't de stikken alle kanten útfleagen en ek wer in soad energy frij kaam. Benammen by Trinus Riemersma, dy't him it lay-outen eigen makke en sa it produsearjen fan boeken folle goedkeaper makke. Koby, Tony en ik wiene it by alle problemen dochs tige iens en sa wiene it foar myn ûnthâld dochs goede jierren. Gauris brocht Tony my nei de gearkomsten yn har nije auto nei de bushalte om wer yn Grins te kommen.

Myn lêste kontakt mei Tony wie it wurkjen oan de oersetting fan de 'Lectio publica de originibus linguae Graecae' fan Tiberius Hemsterhuis. De latynske tekst is mei in ynliedend artikel fan Tony en in essay fan Jan Noordegraaf yn 1997 by de VU útkommen.

Tony woe graach dat ik as klassikus har hollânske oersetting kontrolearje soe, mar der wie net folle oan te korrigearen. Har kennis fan it Latyn, opdien op it Murmellius-gymnasium yn Alkmaar, koe net better. As ik it goed ha, wurdt der op it stuit wurke oan in edysje fan de ‘Lectio publica’, wêrby’t dy oersetting hooplik noch publisearre wurdt.

Tony en ik hienen gauris op sneintemiddei tillefoanysk kontakt oer de oersetting en sa’t dat dan giet tusken minsken dy’t dochs al, as allinnich steanden of geanden, de hiele dei nimmen sprekke, kamen ek hiele oare kwesjes te praat. Tsjinslaggen, soms tsjinwurking of sels komplotten, se lykje grutter as je der allinnich mei ompakke. Tony fiede har tige thús oan ‘de Vrije’; dat fermidden sil se nei har pinsioen grif tige mist ha. Dus hongen wy soms gans in skoft oan de tillefoan, sa’n snein. En ik sil de iennige wol net west ha.

Sybren Sybrandy